

Sandhi en gjin ein

(Oer: Geart van der Meer and Tseard de Graaf: "Sandhi phenomena in Frisian". Yn: Henning Andersen (ed.): Sandhi Phenomena in the Languages of Europe. Berlin/New York/Amsterdam, Mouton de Gruyter, 1986, s. 301-328)

WILLEM VISSER

It stik begjint mei in yntroduksje, in oersjoch fan 'e fonemen yn it Frysk en in koart besprek fan 'e ûnderskate sandhiferskynsels. Dêrnei wurde behannele: assimilaasje (progressyf en regressyf), deleasje (progressyf en regressyf) en ynnersje, allegear foar sa fier't dat nedich achte waard neffens "external processes" (op 'e wurdgrins) en "internal processes" (yn it wurd). Oer wat sandhi no krekt is, geane Van der Meer en De Graaf ôfgryslke koart om 'e hoeke. Der wurdt net mear fan sein as dat "The term covers all phenomena where two neighboring sounds or groups of sounds affect each other in some way" (s. 302) en dat de ferskynsels "traditionally" ferdield wurde yn progressyf en regressyf, assimilaasje fan stim en assimilaasje fan plak. Fierders liket it wichtich te wêzen om in ûnderskied te meitsjen tusken diagroane en syngroane sandhiprosessen; mar dêr wurdt yn it stik fierder neat mei dien.

Yn "a careful pronunciation" (s. 302) soe minder assimilaasje wêze as yn "more casual speech (allegro instead of lento)". Neffens my wurde hjir twa dingen mei-inoar betize. By fluch praten passe jo grif mear assimilaasjeregels ta om de boel sis mar oaninoar te breidzjen, mar is dat praten dan ek fuort "casual", "sloppy articulation" of hoe't soks ek mar hite mei? Justjes letter hyt it dat gâns assimilaasjeprosessen opsjoneel binne en tanimme "from lento to allegro" (s. 303) en dan liket faasje it iennichste kritearium te wêzen. My tinkt, it is oppassen nei negative kwalifikaasjes lykas "casual" en "sloppy", salang't dêr foar it Frysk net mear of gjin ûndersyk nei

dien is en wy amper doel hawwe wêr't wy oer prate.

In prinsipiëel beswier achtsje ik dat yn dit stik de teoretyske útgongspunten net ferantwurde wurde. Wat ik hjirboppe beskreaun en oanhelle haw, is alles wat fandatoangeande sein wurdt; dêrnei giet it fuort nei de beskriuwing ta. Mooglik wolle Van der Meer en De Graaf ek inkel mar beskriuwe. Mar jo hâlde josels ôfgrysliek foar de gek, wannear't jo miene dat jo wol objektyf de 'feiten' waarnimme en oarderje kinne. Feiten besteane net sûnder in teoretysk ynterpretaasjeramt, sj. ek Smits (1986:399-400). Dêrom net, Van der Meer en De Graaf hawwe wol in teoretysk útgongspunt, mar it is krekt as wolle se dat net wêze, omdat se leafst 'oan it oerflak' fan 'e ferskynsels bliuwe. Dat liedt derta dat se ek net om 'djipper lizzende' generalisaasjes sykje en elk ferskynsel suver as op himsels steand beskriuwe. Men komt der as lêzer sawat yn om, it komt op jin oer as in gaos.

It is sa dat de teory de waarnimming stjoert en ek stjoere moat. Om mei Booij (1982:24) te praten: "theorie zonder descriptie is leeg, maar descriptie zonder theorie is blind". Ik leau grif dat der op grûn fan wat jo om jo hinne hearre, of miene te hearren, amper in generalisearjende fonologyske regel te formulearjen is. Wat der sein wurdt is dan ek fan minder belang as de yntuysjes dêroer, yn 'e fonology alteast. At wy bgl. op grûn fan wat ús allegearre ta de mûle út rûgelet syntaktyske regels opstelle moasten, liek it hiel oars as wannear't wy útgeane fan ús idee oer hoe't goede Fryske sinnen derút sjen moatte, en dan is it fansels noch slim genôch. En at jo al ta in regel kommen binne, dan hoege jo ek fuort net wekker te lizzen fan in pear tsjin foarbylden. Dy kinne ynearsten gewoan stean bliuwe en faaks kinne jo dêr dan letter noch wat aardichs mei dwaan.

Wurdt yn Van der Meer (1979) noch omtinken jûn oan it begryp 'regel', yn dit stik nearne. Wylst it wol dúdlik is dat it yn 'e fonology net sûnder in goede regeltypology kin. Net dat der dêrmei gjin swierrichheden oerbliuwe, mar jo witte dan in bytsje wêr't jo it sykje kinne. Yn dit stik wurde regels foar ien wurd of mei in tige leksikaal beheinde kontekst fleurich op deselde wize presintearre as dy foar in regelmjittich proses. Dat de regels al yn 'e út 'e TG-fonology bekende notaasje opskreaun binne,

wol noch net sizze dat it ek om datsoarte fan fonology giet, mei in sa restriktyf mooglike teory oer wat kin. Dat der, sa 't it liket, fan ien konsept fonologyske regel útgingen wurdt, makket dat foar sokke 'ûnfonologyske' regels ek gjin alternatyf socht wurdt yn bgl. leksikalisearre foarmen, relasjonale regels of in oare generalisaasje. Mei mear teoretyske besinning wie it noait alle gearre sa beskreaun. It ynsjoch dat yn 'e Fryske fonology jûn wurdt, bliuwt tige lyts.

Lit my wat konkreter wurde en in pear regels ris wat neier besjen. Regel (1) (s. 303)

(1) [d] --> [t] / k # # _____
 p # # _____
 t # # _____

seit dat de inisjele /d/ fan in stikmannich wurden, bgl. dy, dat, dan, der, dêr ta [t] wurdt nei in wurd dat útgiet op /k,p,t/, dêr't letter /s,f/ en yn guon gefallen /x/ noch oan taheakke wurde. Regel (2) (s. 305)

(2) [s] --> [z] / [+voice] # # _____
 [-plosive]

jildt inkel foar it wurd sje /s@/ dat ta [z@] wurdt nei in stimhawwende kontinuant (fokaal, nasaal, likwide, rûzer). Twa regels dy't as fonologyske regel uterst fertocht binne fanwegen in grut tekoart oan generalisaasje. Boppedat soe it hjir gean om progressive assimilaasje, dy't "exceptional" neamd wurdt, en giet it by de d-wurden om leden fan "closed lexical classes of deictic pronouns and adverbs". Dy twa dingen wurde neamd, mar fierders net brûkt. Men soe sizze: at progressive assimilaasje sa útsûnderlik is, besykje dan om de ferskynsels sa te ynterpretearjen dat it dêrsûnder kin; en it mei bekend stean dat mei wurden fan in sletten klasse faak wat aparts te rêden is. It skuort net út, hjir wurde generalisaasjes mist. Dat komt, dizze ferskynsels wurde op gjin inkele wize yn ferbân brocht mei klitisearring, dêr't dochs al sa'n soad oer skreaun is en noch hieltyd wurdt dat it jin amper ûntkomme kin.

Om mei /s@/ - /z@/ te begjinnen. In generalisaasje oer de opbou fan it fonologyske wurd yn it Frysk is, dat de stimhawwende kontinuanten /z,&/ inkel foarkomme oan it begjin fan in ûnbeklamme syllabe nei in syllabe mei in lange fokaal, in diftong of in dutsene koarte fokaal, dus yn ien en itselde fonologyske wurd. Hoekema (1984) hat derop wiisd dat /s@/ de (en)klityske foarm njonken /ja/ is. Algemiën wurdt oannommen dat gastwurd en klitik ien fonologysk wurd útmeitsje: in wurd as dize stiet wat dat oangiet op deselde streek as hie se. Men hoecht net in berop te dwaan op sokssawat as progressive assimilaasje om dy [z@] te ferklearjen, at oannommen wurdt dat sa'n fonotaktyске restriksje net allinnich in (statyske) kondysje is op 'e fonologyske wurdstruktuer, mar ek feroarjende/oanpassende krêft hat. In foarm as ha se [haz@] is in probleem, mei dy koarte fokaal, mar dat is it netgearstalde wurd hazze ek. Jo kinne útgean fan ien ûnderlizzende foarm /s@/, mar der kinne ek allomorfepearren, /ja/ - /z@/ en /s@/ - /z@/, oannommen wurde. It hinget der mar fan ôf hoe't it yn jo grammatikamodel past.

De funksjewurden mei d- lizze ek allegearre bleat foar klitisearring; se meitsje dan mei har gastwurd ien fonologysk wurd út. Zonneveld (1983:302) komt foar it Nederlânsk ta de neifolgjende generalisaasje: "Clusters of obstruents are voiceless within words". Utsoarte kinne wol wer in stikmannich tsjin foarbylden bybrocht wurde. Foar it Frysk soe ik him ynearsten oernimme wolle. Yn alle gefallen is it sa dat obstruïntekloften gelyk wêze moatte wat it feature [stim] oangiet. No kin men wer oannimme dat dy generalisaasje net allinnich mar in statyske kondysje is, mar segminten ek in beskate foarm ôftwinge kin. Troch einlûdferskerping, in regel dêr't ik fan oannim dat er as domein fan tapassing de syllabe hat, wurdt de hiele kloft fan regel (1) dan stimleas omdat de begjinkloften /kt, pt, tt, ft/ net mooglik binne yn it Frysk. Yn 'ik mis dy [mIstEi] sa' is de /s/ fan miss(e) fansels ûnderlizzend. Op s. 304 wurde noch neamd 'ik draach dy' en 'ik joech dus', mei de kloft [d]; dat de kloft [xt] dêr net foarkomt, kin neffens my sûnder folle beswier mei de generalisaasje oer de stimhawwende kontinuanten yn ferbân brocht wurde.

De measte klityske foarmen hawwe in sjwa, lykas moai

wat affiksens, dat se kinne gjin klam drage. De funksjewurden fan regel (1) hawwe de measten in folle fokaal fan. Dy kinne dan ek klam drage en moatte yn dat gefal rekkene wurde foar in ûnôfhinklik, los wurd. Yn it Frysk soe men dan regressive assimilaasje ferwachtsje, omdat dat syn beslach krijt tusken ûnôfhinklike wurden. Dochs kinne yn dat gefal yn it Frysk ek wol foarmen mei [t], bgl. 'dat ik dij [IktEi] hjir tref'. Faaks telle dy wurden mei folle fokaal wol as pseudo- of ynsidintele klitiks.

Yn alle gefallen kinne de ferskynsels dêr't Van der Meer en De Graaf regels fan progressive assimilaasje foar oannimme gâns better ynterpretearre wurde as klisisfeiten. Dan kin der in berop dien wurde op regelmjittichheden dy't op in oar plak yn 'e grammatika ek al in rol spylje en berikke jo in generalisearjender oplossing.

Wannear't jo foar dizze gefallen progressive assimilaasje ôfwize, twinge jo josels boppedat om foar de oare gefallen dy't dêr wol ta rekkene wurde ek om in oare oplossing te sykjen. It giet dan om 'e assimilaasje fan 'e sonantyske [ŋ]; om 'e assimilaasje fan in oan in foar-ôfgeand wurd (in klisisferskynsel); om 'e assimilaasje fan ent, de klitisearre foarm fan net; om it efterheaksel fan 'e doe-tiid by de swakke tiidwurden fan 'e earste klasse dêr't moai algemien as ûnderlizzende foarm /dê/ foar oannommen wurdt. Ik leau grif dat foar al dy gefallen in oplossing sûnder progressive assimilaasje mooglik is, mar it falt bûten it bestek fan dit stikje om dêr wiidweidich op yn te gean.

De "progressive deletion" by it lidwurd de (s. 314/315) wurdt ek in regel foar jûn, (8),

(8) [d] --> ∅ / [m]##__ om de [om@] 'oersetting'
 [n]##__ tsjin de [tsjin@]
 [p]##__ op de [op@]
 [t]##__ út de [yt@]
 [r]##__ ûnder de [undr@]
 [n]##__ en de [En@]

with de following restrictions:

- (a) the rule applies to the article de only, and
- (b) the rule applies after prepositions in particular.

mei in generalisearjende krêft dy't net oerhâldt. Alwer, it giet hjir om in klisisferskynsel. Dochs wurdt op s. 315 sein: "This rule is still a fact of the language, but (...) it is certainly not productive for most speakers". Is de regel dan noch wol in feit? Hy soe dan as redundânse- of as relasjonale regel opfette wurde kinne, mar dêr dogge Van der Meer en De Graaf net oan. Begryp my goed, oerflakkich sjoen rekket de nei bgl. yn faak de d kwyt. Mar dêrmei is dat noch net in feit. Dat wurdt it earst at it ynpast wurdt yn in teoretysk ramt. Van der Meer en De Graaf sille my wol net leauwe wolle, mar sels sandhi is gjin objektyf feit dat jo gewoan waarnimme kinne. It brûken fan sa'n term yn 'etaalbeskriuwing ûnderstelt al gâns tige grutte abstraksjes oer taal en taalstruktuer. 'Gewoan mjitte wat der sein wurdt' helpt ek gjin sprût, alles is ynterpretaasje. Mooglik slane Van der Meer en De Graaf taalmodel en taalwerklikheid wol tefolle lyk of hawwe se in tige nayf idee oer de ferhâlding fan dy twa.

It sil klearrichheid hawwe, dat yn myn model fan 'e Fryske fonology gjin plak oerbliuwt foar progressive assimilaasje. Dêr liket it aardich ienfâldiger fan te wurden en dêr giet it om. Fansels, in kin hiel goed dat in oar in superieure analyse útstelt, dy't mines oan 'e kant reaget.

Yn har ôfkear fan abstraksjes geane Van der Meer en De Graaf sa fier dat se de fraach oft read ûnderlizzend ('basically' or 'underlyingly', skrapkes fan VdM/DG) no /rI.@t/ of /rI.@d/ is in "controversy" (s. 311) neame. Sjoch, soks is no bewust net meidwaan wolle.

Op s. 312 geane se wiidweidich yn op foarmen mei it suffiks -achtich, bgl. readachtich, dy't mei [t] en [d] realisearre wurde kinne en dêr't dan semantysk ferskil tusken bestiet. Der wurdt ek wiisd op it ferskil tusken rêus[s]achtich en reus[z]ächtich, ek wat de betsjutting oangiet. Foar it Nederlânsk is al wer moai wat jierren in analyse foarhannen dêr't -achtig yn opfette wurdt as in selsstannich fonologysk wurd, it is dan ek in suffiks mei in folle fokaal, sj. Booij (1977), Booij (1981:103-106). Foar it Frysk kinne wy dy sûnder beswier dat makket oernimme. Ferlykje in fonologysk ûnselsstannich suffiks lykas -ich mei -achtich:

sjippe - sjippich *sjippeich sjippe-achtich
 snie - snieich [sniɨx] snie-achtich [sni.əxtex]
 read en grienich (net ambigt)
 read(-) en grienachtich (ambigt)

It tsjil hoecht wier net hieltyd op 'en nij útfoen te wurden.

Yn it fierdere fan it artikel wurde noch gâns ferskynsels beħannele dy't ûnder deleesje beflapt wurde. Mear idee oer (graden fan) leksikalisearring hienen hjir de waarnimming stjoere moatten. It bliuwt no by ien grutte enumeraasje fan deleesjes, sûnder ferbân.

Men moat jin ek ôffreegje oft alle ferskynsels wol ûnder sandhi falle. Tekenjend is dizze redenaasje (s. 316): "In this section we again describe a minor phenomenon that applies to a small handful of words only. As it involves the complete deletion of a final segment it is not assimilation proper. It is, however, very frequent, and since it occurs before certain sounds it is in that respect a regressive sandhi phenomenon". Ja, op sa'n foet is der fansels suver neat dat gjin sandhi is.

Myn grut en prinsipeel beswier tsjin it stik, ik haw it al in pear kear sein, is it tekoart oan teoretyske eftergrûn en ferdjipping. Myn twadde beswier is dêr in streekrjocht gefolch fan: der is gjin probleemstelling en gjin dûdlike, restriktive omskriuwing fan wat sandhi is. At jo neat sykje en inkel 'gewoan' de saneamde feiten beskriuwe wolle, dan is letterlik en figuerlik de ein dêrfan wei, mar sjogge jo tagelyk troch de beammen de bosk net mear.

Noch twa konkrete punten. Foarst: yn 'e fonetyske transkripsje wurdt it foarsteld as sprekke jo de wurden stik foar stik, yn isolaasje, út en wurdt degeminaasje net oanjûn. Dat lêste wurdt op s. 304 wat fan sein, it oare hearre wy neat oer. Foar de dûdlikheid kin sa'n foarstelling fan saken syn nut hawwe, mar it moat al ferantwurde wurde. Oard: oer de represintaasje fan 'e sonantyske nasalen is net bot neitocht, liket it. Hoe komme jo oars op: [mEm̩], [dIɨ], [t@ha:v̩], [stjIn̩], [mEm̩], [dIɨ] (s. 307/308)? It fonetyske korrelaat fan syllabisearring sil wol net sa klear wêze, mar soks komt jin wol as hiel wûnder oan.

Yn dizze reaksje kaam de folle klam op 'e krityk te lizzen. Dêrtroch hawwe de goede kanten fan it artikel har gerak net krige. Der sit in soad materiaal yn dat men foar oare dingen noch wolris brûke kin. Dat 'in soad' is tagelyk de swakte. Ik hoopje dat de Fryske taalkunde net mear soksoartige stikken te ferwurkjen krijt. It mar oan en mar wei sammeljen hat syn tiid hân en dat jildt sels foar de frisistyk.

Amsterdam, ein oktober 1986

Oanhelle literatuer:

- Booij, G.E. (1977): Dutch Morphology. A Study of Word Formation in Generative Grammar. Lisse, The Peter de Ridder Press.
- Booij, G.E. (1981): Generatieve fonologie van het Nederlands. Utrecht/Antwerpen, Het Spectrum.
- Booij, G.E. (1982): Hiërarchische Fonologie. (oraasje VU)
- Hoekema, T.B. (1984): "Fan taal en tongslach 5. (h)j-pronamina en har enklityske komponint". Yn: Us Wurk 33, 91-95.
- Meer, G. van der (1979): "External sandhi in Frisian". Yn: Nils Arhammar & Teake Hoekema (eds.): Scripta Frisica. Tinkbondel foar Arne Spenter (1926-1977) (=Us Wurk 28), 138-154.
- Smits, R. (1986): "De gemiste kansen van de ANS". Yn: De nieuwe taalgids 79, 388-406.
- Zonneveld, W. (1983): "Lexical and Phonological Properties of Dutch Voicing Assimilation". Yn: Marcel van den Broecke, Vincent van Heuven & Wim Zonneveld (eds.): Sound Structures. Studies for Anthonie Cohen. Dordrecht, Foris Publications, 297-312.